



de Earne

Jiergong 18, nûmer 73, septimber 2017

FOW Earnewâld hâldt de kop der foar

Neidat it bestjoer fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld (FOWE) ein 2016 twa bestjoersleden en dûmny Klooster kwytrekke, wienen de oerbleaune bestjoersleden der even mei oan. Benammen ek om't de tsjerken fan Earnewâld it sa drok mei har fúzje hienen (en noch altyd hawwe), dat de kommunikaasje mei it FOWE der wat by yn skeat.

Op 21 maart 2017 hat it bestjoer fan it FOWE dêrom neitocht oer it ophâlden mei de tsjerketsjinsten en hoe dan troch te gean mei de noch altyd tige súksesfolle Earnewâldster Rûnte.

Op 2 april dêrnei hawwe twa tsjerkeriedsleden fan de Herfoarme en Griffermearde tsjerke ús witte litten, dat hja it tige spitich fine soenen as it FOWE mei de tsjinsten ophâlde soe.

Op 26 april 2017 hat it bestjoer fan it FOWE in gearkomste hâlden, dêr't ek twa leden fan de Earnewâldster Rûnte foar útnoege wienen.

Yn dy gearkomste die bliken dat de leden fan de ER graach trochgean wolle as kommisje fan it FOWE ynstee fan selsstannich fierder te gean.

Twa bestjoersleden fan it Wurkferbân wiene lykwols net mear motivearre om troch te gean: se fûnen it lûken oan in dea hynder.

Twa oare bestjoersleden—Jan van der Wal en Tine van Minnen— hawwe fanwegens de poasitive lûden fan de kant fan de tsjerke(n) besletten om troch te gean mei it FOWE en de tsjerketsjinsten.

Al bliuwt it earder nommen beslút stean om yn de simmermoannen (maaie oant en mei septimber) gjin tsjinsten mear te organisearjen fanwegens te min belangstelling

Om't twa bestjoersleden wat oan de krappe kant is, sil besocht wurde om der in pear nije minsken by te krijen, dêr't sa mooglik ien fan út de nije PKN Earnewâld komme moat.

Underwilens binne der foargongers regele foar de measte tsjinsten yn it kommende winterskoft en makket de ER har klear foar it organisearjen fan de lêzings yn 2017-2018 en 2018-2019.

It bestjoer

Jan van der Wal en Tine van Minnen

De takomst fan leauwen en tsjerke

Doe't ik yn 'e sechstiger en santiger jierren opgroeide yn Drachten wie hast elkenien dy't ik koe Griffermearde. Om 'e pear jier waard der in nije tsjerke byboud en de tsjerken sieten moarns en middeis fol.

It is hast net foar te stellen hoe't Fryslân en Europa yn inkelde tsientallen jierren feroare binne.

Ek yn Earnewâld is dat te fernimmen. De Herfoarme gemeente wie altyd mar lyts, mar de Griffermearde tsjerke siet yn 'e tachtiger jierren faak noch fol.

Sûnt mids tachtiger jierren tsjerkje wy yn Earnewâld en de Herfoarme tsjerke is hast (letterlik) útstoarn.

Ek de Griffermearde tsjerke wurdt leger en leger en yn beide tsjerken nimt it tal besikers ûnder jongere minsken hieltyd mear ôf. Men sjocht it ek by de besikers fan de Earnewâldster Rûnte: aloan mear grize kopkes en lju dy't min op 'e gong binne.

Hoe is it mooglik dat de oerhearskjende Kristlike kultuer fan Europa yn inkelde tsientallen jierren sa ynelkoar stoarte koe? Hat de Kristlike beskaving dan neat oars west as in tin laachje fernis oer wat minsken feitlik tinke en leauwe?

Ik moat tajaan, dat ik sels ek it produkt fan dy feroarings bin. Sa't Kuitert yn boek nei boek ôfskied nimme moast fan it leauwe fan de foarfaars, haw ik dat dien troch syn en meters oare boeken oer filosofy en teology te lêzen. Kursus Teologyske Foarming, Earnewâldster Rûnte; diskusjes mei oaren dy't der ek sa oer tochten of krekt net.

Yndustrialisaasje, mobiliteit, ûnderwiis

Mar de ûnderlizzende oarsaken fan dy feroarings yn it leauwen wienen al langer oan de gong en dat wienen benammen de yndustrialisaasje en de tanommen mobiliteit fan de maatskippij. Op syk nei wurk en in reedlik bestean ferlieten minsken hûs en hiem. Hiel letterlik, want eartiids kamen in soad minsken amper har eigen doarp, gemeente en provinsje út. Yn Fryslân byg. hat de fyts makke dat de wrâld foar de gewoane man tsientallen kilometers grutter waard. En troch dy tanommen mobiliteit koe men ûntkomme oan de sosjale kontrôle fan de tsjerke, it doarp en de eigen besletten mienskip.

In oar gefolch fan yndustrialisaasje en foarútgong wie better ûnderwiis. Foar it earst krigen grutte

Foar alle ynformaasje oer it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld en de Earnewâldster Rûnte, tsjerketsjinsten, preken, ynformaasje út de Earn ensfh. sjoch op: www.fowe.org

Preekrige

Winterdei binne de tsjinsten yn Earnewâld om en om yn de Agnes tsjerke en yn de Grifformearde tsjerke. De tsjinsten yn de Agnes tsjerke binne almeast yn it Frysk en yn de Grifformearde tsjerke yn it Hollânsk. De FOW tsjinsten binne yn it Frysk of in Frysk dialekt en altyd yn de Agnestsjerke.

3 septimber	09.30 oere	H. Koops, Skettens	Agnestsjerke, NL
10 septimber	09.30 oere	Da. R. van Gullik, De Like	Griff. tsjerke, NL tsjinst
17 septimber	09.30 oere	E. Stellingwerf-Vinke, Wâldsein	Griff. tsjerke, NL, startsnein
24 septimber	09.30 oere	Ds. J. Kraan, Burgum	Griff. tsjerke, NL tsjinst
1 oktober	09.30 oere	Ds. G.W. Abma, Ljouwert	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
8 oktober	09.30 oere	Mei muzikale meiwurking fan Gerben	Jongsma, nei de tsjinst kofjedrinken
15 oktober	09.30 oere	Dhr. G. Postma, Wâlterswâld	Griff. tsjerke, NL tsjinst
22 oktober	09.30 oere	Da. W. Tinga, Grins	Agnestsjerke, Fryske tsjinst
29 oktober	11.00 oere	Ds. A. Wiebenga, Snits	Griff. tsjerke, NL tsjinst
		Ds. K. van Marrum	Agnestsjerke
5 novimber	09.30 oere	Ds. M. Bijleveld, Maastricht	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
12 novimber	09.30 oere	E. Stellingwerf-Vinke, Wâldsein	Griff. tsjerke, NL tsjinst
	15.30 oere	Muzyk fan Jan v/d Wal en Tjibbe Reitsma en in ferhaal fan Jan Jongsma	
19 novimber	09.30 oere	D.E. Cazemier, Eelde	Agnestsjerke, betinkingstsjinst, Frysk
26 novimber	09.30 oere	E. Stellingwerf-Vinke, Wâldsein	Griff. tsjerke, NL tsjinst
3 desimber	09.30 oere	Ds. A. Terlouw, Dronryp	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
10 desimber	09.30 oere	R. de Vries-Martini, Oerterp	Griff. tsjerke, NL tsjinst
17 desimber	09.30 oere	Ds. L. Adema, Mitselwier	Agnestsjerke, NL tsjinst
24 desimber	09.30 oere	Gjin tsjinst	
24 desimber	22.00 oere	Noch net bekend	Agnestsjerke, Krystnachtstsjinst
25 desimber	09.30 oere	E. Stellingwerf-Vinke, Wâldsein	Griff. tsjerke, NL tsjinst
31 desimber	19.30 oere	E. Stellingwerf-Vinke, Wâldsein	Agnestsjerke, NL tsjinst, Aldjiersjûn
14 jannewaris	09.30 oere	Ds. K. Visbeek, Dokkum	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
		M.m.f. koar de Lofstim út le û.l.f. Jaep Meems	
4 febrewaris	09.30 oere	H. Koops, Skettens	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
4 maart	09.30 oere	Ds. Y.J. Hiemstra, le	Frysk Oekumenysk Wurkferbân

Fan april oant en mei augustus 2018 binne der gjin tsjinsten fan it FOWE.

Foar de tsjinsten fan de PKN Earnewâld foar 2018: sjoch op www.pknearnewald.nl

groepen yn de maatskippij lykas de arbeiders tagong ta fuortset ûnderwiis en dêrtroch ta de ideeën fan wittenskip en Ferljochting. Yndustry en maatskippij hienen ferlet fan minsken dy't wat leard hienen. Sa kamen se yn 'e kunde mei nije en oare tinkbylden en ideeën, dy't faak hiel oars wienen as wat se yn tsjerke en op de kristlike skoalle leard hienen.

Dat hie al rillegau gefolgen foar it leauwen fan grutte groepen minsken en it leargesach fan de tsjerke. We leauwe noch wol wat, mar we witte net krêkt mear wat. Yn alle gefallen twifelje we tige oan wat de tsjerke ús as absolute wierheid ferkundiget.

En mear noch as de twifel oer it godlike hawwe de minsken twifels oer de (tsjerklike) ynstututen en ynstellings, dy't sizze dat sy de ferkundigers fan de iennichst wiere G-d en godstsjinst binne.

En it is krekt dy twifel dêr't de kristlike tsjerke net goed mei omgean kin. Dat is hiel goed te ferklearjen, want yn de begjintiid wienen der safolle ferskillende streamingen yn it Kristendom, dat it derom spand hat, hoe't it leauwe útpakke soe. Pas nei in lange striid hat yn Westeuropa de otterdokse Roomske tsjerke de striid winne kinnen. En dat benammen om't de oare rjochtings sa ferdiel wienen, dat se net op koenen tsjin de sterke organisaasje fan de otterdoksy.

Fragen oer G-d en Kristendom

As gefolch dêrfan hâlde de measte tsjerken noch altyd fêst oan belidenisgeskriften fan 1.500 jier âld en is elkenien dy't dêr oan twifelet net in 'echte' Kristen en sa'n ien komt dus net yn 'e himel.

It is net in grutte keunst om hiel koart in rige foarbylden te neamen fan de problemen, dêr't de moderne minske tsjin oan rint op syk nei G-d.

Yn it foarste plak is dat, dat de tsjerke seit dat G-d goed en rjochtfeardich is en tagelyk Almachtich.

Dat is perfoarst net te rymjen mei alle lijen yn de wrâld, want dan soe G-d dêr streekrjocht ferantwurdlik foar wêze.

Lykas de measte Joaden haw ik der allang foar keazen om te leauwen, dat de Almacht fan G-d dus blykber net absolút is, mar de tsjerke kin dêr mar min mei omgean.

In oar grut probleem fan it Kristendom is it sintrale plak fan Jezus. Neffens de offisjele lear binne de sûnden fan de minske sa grut, dat se allinne fersoend wurde koenen troch de dea fan Jezus, de Joadske profet, dy't in kristlike (soan fan) G-d waard. Keppelle dêr oan is it leartstik dat ferlossing fan de ivige dea allinne mooglik is troch te leauwen yn dy Jezus. Moderne kristenen kinne it ta de hel feroardieljen fan in rjochtfeardige Joad, Hindû of ateïst net lyk krije mei it idee fan in rjochtfeardige G-d. En sa soenen wy noch wol in hiele rige stellings út de Belidenisgeskriften neame kinne, dy't rjocht foar de ideeën fan de hjoeddeiske, westerske minske oer steane.

Earnewâldster Rûnte

Program foar 6 temajûnen oer 'leauwe en/of ûnleauwe'

Wat leauwe en ûnleauwe krekt betsjutte, is wat ynhâld oanbelanget net maklik ûnder wurden te bringen. Beide wurde al foar in grut part bepaald roch kultuer en tradysje, mar net foar ivich fêstlein en binne allegeduerigen yn beweging. Beide hawwe te krijen mei libbensûnderfining, mei in wei fan sykjen en taasten, mei nij ynsjoch en bytiden mei it dwaan fan in eksistinsjele kar. Beide ruorje hert en gewisse, bepale tinken en dwaan en kleurje it bestean. Leauwe en net leauwe, is it in prinsipiële tsjinstelling? Of binne hja oanelkoar besibbe; binne de grinzen dizzenich en kinne se yn elkoar oerrinne?

Tiid: alle jûnen fan 19.30 - 21.30 oere. Alle jûnen begjinne dit winterskoft om 19.30 oere!

Plak: Griffomearde tsjerke. Adres: Wiidswei 6, 9264 TL Earnewâld

Yntekening: troch € 35,00 (de man/frou) oer te meitsjen op bankrekken NL62 RABO 0132 7430 51 op namme fan Frysk Oekumenysk Wurkferbân, Aldwâld, mei fermelding: seizoen 2017 - 2018 en jo adres en postkoade.

Sûnder adres en postkoade kinne wy jim it program net tastjoere, om't banken wegerje om de adressen fan bankrekken troch te jaan! It program wurdt jim nei betelling begjin septimber tastjoerd.

Kontaktadres: Tine van Minnen, Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld.

Tillefoan: 06 - 20 60 04 09 E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Tiisdei 19 septimber 2017 Ynlieder: Rick Benjamins

'Religy yn nije foarmen en stallen'

'Leauwe' yn Liberaal Kristendom

Rick Benjamins is dosint Dogmatyk (Protestantske Teologyske Universiteit) en bysûnder heechlearaar Frijsinnige Theology fanwegens de VVP (RuG)

Tiisdei 24 oktober 2017 Ynlieder: Taede Smedes

Religy foarby 'leauwe en/of ûnleauwe'

Kânsen foar nije religiositeit

Dr. T. A. Smedes (Drachten, 1973) is godstsjinstfilosoof, teolooch en wurksum as ûnôfhinklik ûndersiker en freelance publisist.

Tiisdei 21 novimber 2017 Ynlieder: Bram Bregman

'Fan eangsttsjerke nei tsjerke fan leaf-hawwers'.

Wat is leauwe? En is leauwen mooglik sûnder God?

Ds. B. Bregman is predikant yn Emmeloard.

Tiisdei 9 jannewaris 2018 Ynlieder: Sytze Ypma

'Boppe is it ûnnedich stil'

Sprekke oer boppe mei help fan Zen Bûddhisme, mystike teology en de Hebrieuske bibel.

Dr. S. Ypma is dûmny yn Frjentsjer.

Tiisdei 6 febrewaris 2018 Ynlieder: Welmoed Vlieger

'Kierkegaard oer it wêzen fan de frijheid'

It tydlike en it ivige yn it konkrete, deistige libben.

Welmoed Vlieger (1976) hat 'Wittenskip fan Godstsjinst en Libbensskôging' en Wiisbegearte studearre oan de Universiteit fan Amsterdam.

Neist har wurk as freelance prosesbegelieder, dosint en publisist jout se regelmjittich lêzingen en workshops.

Mear ynformaasje: www.welmoedvlieger.nl



Sören Kierkegaard (1813-1855)

Tiisdei 6 maart 2018 Ynlieder: Heine Siebrand

'Unleauwe – de oertreffende trep fan leauwen'

Oan de hân fan moderne en ynnovative ynsjoggen wolle we meielkoar ûndersykje hoe't leauwe en religy altyd oanstriid hawwe ta fiksaasje en ferstienning. Hoe't ferhalen omsmijd wurde ta in fêste oertsjûging en fan leauwen in ideology.

Dr. H.J. Siebrand (1951) is godstsjinstfilosoof en predikant fan de Geertetsjerke (Remonstranten) yn Utert. Hy promovearre oan de Universiteit fan Grins en is emearitus heechlearaar liturgyk.

Twifel is de wachtkeamer fan ynsjoch

De Earn

Útjefte fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld

Redaksje en administraasje fan de Earn:
Tine van Minnen
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Tillefoan (06) 20 60 04 09
E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Ûnder redaksje fan:
Tine van Minnen en
Jan Lautenbach, (06) 10 92 48 08
E-post: jan.lautenbach@kpnplanet.nl

FOWE bankrekken: NL92 RABO 0349 8140 58

ISSN 1878 - 4348

De takomst fan religy

Op basis fan ús kennis fan de skiednis fan de ôfrûne pear hûndert jier soe men dêrom foarsizze kinne, dat it Kristendom, mar ek alle oare, fêstige religy's it dreech krije sille yn alle westerske en har fierder modernisearjende lannen. Goed ûnderwiis en frijheid fan mieningsutering sille earste betingsten foar sa'n ûntjouwing wêze. Dochs sille der altyd lytse groepkes otterdokse leauwigen fan alle godstsjinsten oerbliuwe, mar hja sille net mear as râneferskynsels wêze yn in oars en frijer tinkende mienskip. Tagelyk sille der ek lannen wêze, dy't benefter bliuwe en dêr't de tradisjonele religy's noch wol in pear hûndert jier mei kinne of sels noch hiel bot groeie kinne. Te tinken is oan Afrika, Súdamearika, it Midden Easten en parten fan Aazje.

Tagelyk witte wy dat homo sapiens al tsientûzenen jierren lang foarme is troch religieuze fielings en dat it ferlet oan religieuze tsjutting grut is.

Om't de besteande, ynstitúsjonalisearre religy's de feroarings yn it religieuze ferlet net byhâlde kinne, is it wierskynlik, dat it religieuze lânskip de kommende tiid fersplinterje sil. Allegearre groepkes en rjochtings—ek kommersjele—sille besykje in part fan it frijkommen religieuze plak op te foljen en wat de útslach wurdt, is net te foarsizzen.

Sels 20 ieuwen letter is noch amper te ferklearjen wêrom't it Kristendom destiids sa'n grut súkses wurden is yn it Romeinske ryk. Al binne in soad histoarysk it faak wol iens dat it idee fan in libben nei de dea, doe—en ek no noch—in grutte oantrekkingskrêft hân hat.

Likegoed moat wol sein wurde dat it hawwen fan ien religy in grutte mienskipsoarmjende en stabilisearjende ynfloed hân hat yn it Westen. Dat de wrâld hjoed-de-dei liket te feroarjen yn grutte tallen 'bubbles' fan minsken en groepen liket my in grut gefaar foar de rêst yn 'e wrâld. Miskien wie ien algemiene, kristlike tsjerke sa raar noch net?

Jan Lautenbach

Lês ek: Yuval Noah Harari—Sapiens, een kleine geschiedenis van de mensheid.

Meidielings

Kofjedrinken

Op de sneinen 1 oktober en 14 jannewaris is der nei de tsjerketsjinst kofjedrinken. We witte noch net oft it yn de konsistoarje fan de Herfoarme tsjerke oft it yn de seal fan de Griffermearde tsjerke hâlden wurde sil, mar elkenien is fan herten wolkom.

Muzikale middei m.m.f. Jan v/d Wal en Tsjibbe Reitsma en in ferhaal fan Jan Jongsma

Op snein 12 novimber, middeis om 15.30 oere sil Jan Jongsma in ferhaal hâlde mei as titel:

Wa giet mei nei it nije Kanaän;
Fryske emigraasje nei Amearika.

Foar en nei, mar ek tuskentoch sille wy ferskate muzykstikken hearre, dy't útfierd wurde sille troch Jan v/d Wal en Tsjibbe Reitsma. De tagong is fergees; by de útgong is der in kollekte foar de ûnkosten.

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Gerben Jongsma

Nei it simmerskoft is op 1 oktober o.s. de earste tsjinst wer fan it FOWE.

Foargonger is dan de by jim bekende Willem Abma, mar de muzikale meiwurker fan dizze dei sil jim minder bekend wêze, al is er dat yn de muzykwrâld al lang.

Gerben Jongsma is berne op 29 oktober 2002 yn Drachten en doe't er 7 jier wie, is er begûn mei slachwurk les by Henri de Boer oan de Meldij yn Drachten.

Sawol solo as mei syn muzykfreon Boudewijn Benjamins hat er al ferskate prizen wûn, ûnder oaren op it Prinses Christina Concours yn 2015 en 2016.

Hy spilet (en hat spile) by ferskate orkesten en hat ek lid west fan it Frysk Jeugd orkest.

Op syn marimba sil er ús snein 4 stikken hearre litte. Ien dêrfan is in eigen bewurking fan kantate BWV 147 fan J.S. Bach.

Fierder sil er ûnder oaren 'A little Prayer' fan Evelyn Glennie spylje en it tige fleurige 'Water Wake' fan Ryan Laney.